Dy't himsels kidelje kin, kin laitsje wannear't er wol.

As it net kin sa't it moat, dan moat it mar sa't it kin

Foar de kofje net eamelje

Pikerje net, it komt dochs oars

Bûter, brea en griene tsiis, wa't dat net sizze kin is gjin oprjochte Fries.

In bytsje bryk is minskelyk

De tiid hâldt gjin skoft.

Ik bin de baas, sei de man, 'mar ik doch wat myn wiif seit'

Better de búk barsten, as it iten bedoarn!

't Is mei sizzen net te dwaan

Doch mar gewoan, dan dochst al gek genôch.



Tink dy tûk!

Filosofearje mei Fryske sprekwurden

Bêste bern en learkrêften,

Mei ' filosofearje mei Fryske Sprekwurden' sille jim al filosovearjend wizer wurde oer Fryske sprekwurden en filosofyske tema's. Neist wrâldkennis leare jimme ek dialogyske en sosjale feardigens en noch folle mear. Gean yn in kring sitten en lis de tinkmat yn it midden.
1. Ynspiraasje: Lês it sprekwurd en praat yn twatallen oar it sprekwurd, wat betsjut it? Wikselje n pear ideeën út yn 'e hiele groep.
2. Ferwûnderje: Fertel wêr't it sprekwurd oer giet en stel de filosofyske haadfraach dy't sintraal stiet: Wat is...?
3. Filosofearje: Stel in filosofyske startfraach en fier in meartalige filosofyske dialooch troch in sokratyske hâlding oan te nimmen en sokratyske fragen te stellen.
4. Ferankerje: Meitsje nei elke filosofyske dialooch in eigen siswize oer watst leard hast oer it tema. Skriuw dat op in tegeltsje en fersier de hoeken en rânen.
7. Presintearje: Hingje de tegeltsjes op yn de klasse, meiitsje in filosofyske tegelwand.

Lês, laitsje, tink en praat... tink dy tûk!

In ynspirearjende groet,
Jolanda Verhoef

Kolofon
Dizze útjefte is ta stân kommen yn it gearwurkingsprojekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis fan it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHL Stenden Hogeschool en Cedin.
In spesjaal wurd fan tank giet út nei de learkrêften en studinten dy't dit spul mei harren groep útprebearre hawwe en nei de Provinsje Fryslân foar de finansjele stipe.

Idee, tekst en ûntwerp: Jolanda Verhoef
Earste printinge 2022
www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl
www.tinkdytuk.nl

Ynhâld

Werom, hoe, wat
Sokratyske fragen en hâlding
1. Wat is in oprjochte fries?
2. Wat is perfekt?
3. Wat is trochsette?
4. Wat is laitsje?
5. Wat is tiid?
6. Wat binne regels?
7. Wat is pikerje?
8. Wa is de baas?
9. Hoe wichtich is iten?
10. Wat is wurkje?
11. Wat is gewoan?
12. Wat is witte?
13. Wat is kinne?

WEROM?

Hast wille mei inoar!
Learst gearwurkjen
Learst inoar kennen
Learst kritysk tinken
Learst dysels kennen
Learst dat de wrâld net swart-wyt is
Learst analysearjen
Untwikkelest dyn taal
Learst om goed te sjen
Learst kommunisearjen
Bist mei de Fryske taal, kultuer en aktyf boargerskip dwaande

HOE?

1. Gean yn in kring sitten
2. Lit bern yn twatallen oar it sprek-wurd prate, wat tinke se dat it betsjut?
3. Lit in pear ideeën útwikselje yn 'e hiele groep
4. Fertel wêr't it sprekwurd oer giet en fertel it filosofyske thema dat sintraal stiet
5. Stel in filosofyske startfraach
6. Fier in meartalige filosofyske dialooch troch in sokratyske hâlding oan te nimmen en sokratyske fragen te stellen.

WAT?

Filosofearje=aktief boargerskip
Meartaligens+filosofearje=
2xaktief boargerskip
Kultuer+meartaligens+filosofearje=
3xaktief boargerskip
Filosofy: freon fan de wiisheid.
Tegearre neitinke oer fragen dêr't we noch gjin antwurd op hawwe. Troch kritysk te tinken en de dialooch oan te gean.

TINK DY TÛK!

jolanda.verhoef@nhlstenden.com

SOKRATYSKE FRAGEN

Ophelderingsfraach: Kinst dat útlizze, kinst in foarbyld jaan, wat bedoelst mei..?

Bewiisfraach: Wêrom tinksto dat? Kinsto dat oantoane? Wêr hasto dat op basearre?

Tsjinoerstelde-fraach: Jildt dat ek foar ..? Is dat altyd it gefal? Kin it tsjinoerstelde wier wêze? Stel dy foar dat...? Wa tinkt wat oars?

Boufraach: Dan jildt dat ek foar ...? Dan betsjut dat ..? Ja en ...? De konsekwinsje is ...?

Konklúzjefraach: Is dêr in regel foar? Wat hawwe wy Ûntdutsen? Kinsto dit gearfetsje?

Evaluaasjefraach: Hoe gie it petear? Bisto wizer wurden? Tinksto no oars? Hoe wie dyn ynbring?

SOKRATYSKE HÂLDING

Lit de oar skitterje: Praat koart. Stel fragen. Fertrou op elkoars tinkkrêft.

Ik wit dat ik neat wit. Stean iepen foar in oare miening, doar dyn eigen miening te feroarjen.

Harkje, wês nijsgjirrich. Brûk de krêft fan stilte.

Sjoch elkenien oan.

Doar te praten. Fertel dyn gedachtes en ideeën.

Stel sokratyske fragen.

Folgje de tinkline fan in oar. Tink mei, gean fierder op wat in oar seit.

Bliuw by it filosofyske tema.

Praat foaral mei-inoar, sûnder beurten.

Ha wille!

Bûter, brea en griene tsiis, wa't dat net sizze kin is gjin oprjochte Fries.

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wat is in oprjochte Fries?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

It betsjut: Boter, roggebrood en groene kaas, wie dat niet zeggen kan is geen echte Fries. De oarsprong: men tinkt dat dizze ferklearring dateart út 'e Midsiuwen. De Fryske fersetsheld Grutte Pier betocht dit sprekwurd om de net-Friezen te ûnderskieden fan 'e echte Friezen. Minsken dy't bewearden dat se Fries wiene, moasten dizze sin útsprekke. As gefolch foelen jo al gau troch de koer as jo de Fryske wurden net of net goed sprekke koenen.

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Bist in Fries as de frsyke taal praatst?
- Kinst ek in Fries wêse as't de fryske taal net praatst?
- Is Fries wêze in gefoel?
- Wa bepaalt wat de echte Fryske taal is?
- Kinst in echte Fries en tagelyk Nederlânder wêze?
- Is it wichtich om te witten út welke streek/lân men komt?
- Meist minsken weagerje dyn lân yn te gean as se dyn taal net sprekke?
- Ast de spreuk wol sizze kinst mar do wist net wat it betsjut, bist dan wol in echte Fries?
- Bepaalt de taal wa ast bist?

1. WAT IS IN OPRJOCHTE FRIES?

TINK DY TÛK!

In bytsje bryk is minskelyk

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting:
- Fertel it thema: Is gjinien perfekt?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd brûkt men om oan te jaan dat gjinien perfekt is. Kin dit dy treast jaan as bygelyks iets fout dien hast? En is it wier dat gjinien perfekt is, makket eltsenien fouten? Hoe soe de wrâld derút sjen as alles perfekt wie? Soe it dan noch leuk, gesellich en/of moai wêze? Moast dy perfekt gedrage? En hoe sjocht dat der dan út? Of giet de spreuk oer in perfekt uterlik? Wa bepaalt hoe in perfekt uterlik der út sjocht? Kinst dy perfekt fiele en dochs net perfekt gedrage of perfekt útsjen? Moast der perfekt útsjen? Is it goed om perfekt te wêzen? Makket it dy lokkich? Of giet it oer de taal? Praat gjinien in taal perfekt?

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Kin ien 'm altyd perfekt gedrage?
- Wa bepaalt wat goed gedrag is?
- Moast dy perfekt gedrage?
- Kin it soms goed wêse om net perfekt te gedragen?
- Kin ien 'm perfekt wêze?
- Kin ien in perfekt uterlik ha?
- Kin ien 'm perfekt fiele en der toch net perfekt útsjen?
- Wa bepaalt wat in perfekt uterlik is?
- Hoe sjocht in perfect uterlik derút?
- Makket in perfekt uterlik dy lokkich?
- Praat gjinien de taal perfekt?
- Wa bepaalt wat de perfekte taal is?
- Hoe soe de wrâld derút sjen as alles perfekt wie?

2. WAT IS PERFEKT?

TINK DY TÛK!

As it net kin sa't it moat, dan moat it mar sa't it kin

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wat is trochsette?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd betsjut: Als het niet kan zoals het moet, dan moet het maar zoals het kan.

Dizze ferklearring wiist op it feit dat Friezen in hiel ierdske hâlding hawwe. Tagelyk lit it sjen dat se net opjaan as se foar wat geane. As iets net wurket sa't it moat, besykje jo jo doel op in oare manier te berikken.

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Moast altyd trochsette?
- Kinne friezen it bêste trochsette?
- Makket trochsette dy lokkich?
- Wa kin better trochsette: folwoeksenen of bern?
- Wol ettensien trochsette?
- Moast trochsette om in oare taal te learen?
- Is it soms goed om net troch te setten?

3. WAT IS TROCHSETTE?

TINK DY TÛK!

Dy't himsels kidelje kin, kin laitsje wannear't er wol.

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wat is laitsje?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd betsjut: wa himsels helpe kin is net óthinkelik fan oaren. En dêr wurst wer bliid fan, dan kinst laitsje. Mar wat is laitsjen? Dit sprekwurd seit dat it wichtich is dat laitsje kinst. Is dat sa? Ast net laitsje kinst, bist dan net lokkich? It sprekwurd seit ek min of mear dast om dysles laitsje kinst. Kin dat? Kinst sels bepale ast laitsje wolst? Oan de oare kant: kinst laitsjen tsjinhâlde?

FILOSOFYSKE FRRAGEN

- Is it wichtich om te laitsjen?
- Kinst om dysels laitsje?
- Kinst sels bepale ast laitsje wolst?
- Is taal nedich om laitsje te kinnen?
- Laitsje minsken yn alle lannen om deselde grap?
- Laitsje bern om oare dingen as grutte minsken?
- Kinne bisten laitsje?
- Meist altyd laitsje?
- Kinst laitsjen tsjinhâlde?
- Werom binne der Belgyske grappen?
- Feroaret humor troch de tiid hinne?

4. WAT IS LAITSJE?

TINK DY TÛK!

De tiid hâldt gjin skoft.

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wat is tiid?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

De tiid hâldt gjin skoft Dit betsjut neat oars as ' de tiid stiet net stil ' . Dit sprekwurd wurdt faak brûkt om oan te jaan , dat de tiid net stil stiet en dat it sa wichtich is om te genietsjen fan alle dagen . ' De tiid hâldt gjin skoft ' kin dêrom sjoen wurde as de Fryske oersetting fan it Latynske sprekwurd ' Carpe Diem ' .

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Stiet de tiid nea stil?
- Wennear begjint tiid?
- Wennear begjint eartiids?
- Wennear stopt de takomst?
- Ha bisten in tiid?
- Is het goed om de tiid yn 'e gaten te hâlden?
- Moast genietsje fan alle dagen?
- Kist altyd genietsje?
- Giet de tiid yn alle lannen like snel?
- As der gjin minske mear binne, is der dan noch tiid?
- Soe de wrâld bestean sûnder tiid?
- AHoe soe it libben der út sjen as der gjin klokken mear wiene?

5.WAT IS TIID?

TINK DY TÛK!

Foar de kofje net eamelje

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wat binne regels?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd betsjut: Voor de koffie niet storen, niet zeuren.

Dit liket wol in regel. Wat is in regel? Binne regels goed? Wannear wol en wannear net? Wa bepaalt de regels?

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Is it goed dat der regels binne?
- Kinne we sûnder regels libje?
- Moast dy altyd oan de regels hâlde?
- Binne regels yn elts lân itselde?
- Hat in taal regels?
- Kin in spultsje sûnder regels bestean?
- Wa bepaalt de regels?
- Binne der dingen dyst net mei regels regelje kinst?
- Ast dy oan de regels hâldst, bist dan in goed minsk?
- Binne alle regels nedich?
- Binne alle regels goed?

6. WAT BINNE REGELS?

TINK DY TÛK!

Pikerje net, it komt dochs oars

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it team: Wat is laitsje?
- Stel in filosofyske fraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd betsjut: pieker niet, het loopt toch anders. Wat is pikerje? En wat is it ferskil mei tinke? Kinst tinken leare? Moast tinke? Wannear wol en wannear net? Is it goed om te tinken? Meist tinke wasts wolst?

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Wat is it ferskil tusken pikerje en tinke?
- Kin eltsenien goed tinke?
- Hoe wist as ien tinkt?
- Kinst tinken leare?
- Kinst ek net tinke?
- Tinke robots itselde as minsken?
- Yn welke taal tinkst?
- Kinne bisten/planten tinke?
- Bist de baas oer watst tinkst?
- Meist tinke wasts wolst?

7. WAT IS PIKERJE?

TINK DY TÛK!

Ik bin de baas, sei de man, 'mar ik doch wat myn wiif seit'

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wa is de baas?
- Stel in filosofyske fraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd betsjut: úteinlik hat de frou de broek oan yn in relaasje. De frou is de baas. Is dat sa? Wannear bist de baas? Is eltsenien in baas? Wa is de baas fan de wrâld?

FILOSOFYSKE FRAGEN

-Wannear bist de baas ?
- Wêrom bist de baas ?
- Wat wol dat sizze , baas wêze ?
- Kin elkenien de baas wêze ?
- Kinst de baas wêze oer elk ?
- Kinst ek de baas wêze oer dysels ?
- Ast de baas bist , kinst dan dwaan watst' wolst?
- Binne de minsken de baas oer de bisten , of oarsom ?
- Soe it in bettere wrâld wêze, as de bern de baas wêze soene?
- Wa is de baas fan ús taal ?
- Wa is de baas fan de wrâld ?
- Moatst altyd dwaan, wat de baas seit ?

8. WA IS DE BAAS?

TINK DY TÛK!

Better de búk barsten, as it iten bedoarn!

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it team: Wa is de baas?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd wurd brûkt as ien syn iten net op yt. Moast alles op yte? Ek as it snoep is? Is iten it wichtigste wat der is?

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Moast alles op yte?
- Meist iten fuortgoaie?
- Is iten it wichtigste wat der is?
- Is iten yn elts fân like wichtig?
- Is al it iten sûn?
- Meist mei iten boartsje?

9. HOE WICHTIG IS ITEN?

TINK DY TÛK!

't Is mei sizzen net te dwaan

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wat is wurkje?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd betsjut: praatjes vullen geen gaatjes, er moet ook iets gedaan worden.

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Moat eltsenien wurkje?
- Is al it wurk goed?
- Kin eltensien wurkje?
- Moast wurk ha watst leuk fynst, of wat nedich is yn de maatskippy?
- Meie bern wurkje?
- Wa beslist wa't wurkje moat?
- Ast net wurkje wolst bist dan in slecht minsk?
- Is wurkje it wichtigste yn in libben?

As gjinien wurkje soe, hoe soe de wrâld der dan út sjen?

- Kinne robots it wurk fan minsken ferfange?

10. WAT IS WURKJE?

TINK DY TÛK!

Doch mar gewoan, dan dochst al gek genôch.

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wat is gewoan?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd betsjut: doe maar gewoon, normaal, dan doe je al gek genoeg. It is in útdrukking dy' t wol brûkt wurdt om de Nederlânske folksaard te typearjen en foaral dat fan de Friezen. Minsken dy' t har extravagant gedrage, wurde wantrouwich besjoen. Do kinst dyn kop mar better net boppe it meanfjild útstekke, om it ris mei in oare útdrukking te sizzen.

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Hoe siocht gewoan dwaan derút?
- Wa seit wat gewoan dwaan is?
- Is gewoan dwaan wat de measten dogge?
- Hoe wist of dat normaal is?
- Kinst sels bepale wat gewoan is?
- Is gewoan dwaan foar elk lân itselde?
- Is it gewoan om yn dyn memmetaal te sprekken?
- Is it normaal om normaal wêze te wollen?
- Wennear is it fijn om net gewoan te wêzen?
- Wat as eltsenien op de wrâld gewoan wie?

11. WAT IS GEWOAN?

TINK DY TÛK!

Sa ist en net oars, want as 't oars wie, wie 't net sa

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wat is witte?
- Stel in filosofyske fraach

TINKRAMT

Dit sprekwurd betsjut: Zo is het en niet anders, want als het anders was was het niet zo.

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Wannear wist iets seker?
- Ast iets wist, is it dan ek wier?
- Is iets dat eartiids wier wie, hjoed noch hieltyd wier?
- Wie of wa bepaalt of iets wier is?
- Kin iets wier wêze sûnder dast it wist?
- Moast tûk wêze om iets seker te witten?
- Kinst libje sûnder iets seker te witten?

12. WAT IS WITTE?

TINK DY TÛK!

As it net kin sa as it moat, dan moat it mar sa as it kin

START

- Lês it sprekwurd foar
- Lit de bern yn twatallen oerlizze: wêr giet de spreuk oer?
- Lit in pear groepkes oan de klas fertelle wat se betocht ha
- Fertel de letterlike oersetting
- Fertel it thema: Wat is kinne?
- Stel in filosofyske startfraach

TINKRAMT

De sin ferwiist nei de sobere opfetting fan Friezen oer it libben. As iets net slagget sa't it moat, dan nimme jo in oar paad en besykje it op in oare manier!

FILOSOFYSKE FRAGEN

- Hoe wist ast iets kinst?
-Wannear kinst alles?
- Binne der minsken dy't neat kinne?
- Kinst alles kinne?
-Ast alles kinst, hoe'st dan noait mear te learen?
- Ast iets kinst, moast it dan ek dwaan?
- Is it soms goed om iets net te kinnen?
- Hoe soe de wrâld der út sjen as elkenien alles koe?
- Wat is moeiliker: neat kinne of alles kinne?

13.WAT IS KINNE?

TINK DY TÛK!

Goai, lês, laitsje, tink en praat mei elkoar...tink dy tûk!
Dit boekje is in produkt fan Tink dy Tûk! Alle produkten fan 'Tink dy Tûk!' stean yn it teken fan filosofearje mei bern. Troch mei bern te filosofearjen leare se dat de wrâld net swart-wyt is, dat in oar der oars oer tinke kin en dat dit ok is. De bern leare mei filosofearjen krytysk te tinken, mei elkoar in fraach te ûndersykjen troch te harkjen, te praten en fragen te stellen. Sa wurde se wizer oer harsels, de oare bern en de wrâld.

It boekje 'Filosofearje mei Fryske sprekwurden' kin hiel goed kombinearre wurde mei oare projekten fan Ynspirearjend Meartalich Underwiis. Sjoch dêrom op www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl, dêr't alle projekten opstean en meitsje in plan om op in ynspirearjende wize mei Frysk en meartaligens oan de slach te gean.

© 2022, Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid,
NHL Stenden Hogeschool
Rengerslaan 8-10, 8917 DD Ljouwert
lectoraatmg@nhlstenden.com
ISBN 9789082883763 Tink dy Tûk!

Neat út dizze útjefte mei op hokker wize fermannichfâldige wurde sûnder dat dêr skriftlike tastimming fan de gearstallers oan foarôfgiet.